

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State



© Kaart Schotanus 1718

Dyckhuistera State en Scheender State

Yn de Folsgeasterhim steane yn de 15^e /16^e iuw yn it ferlingde fan de Ringdyk rjochting Folsgeare twa pleatsen, Scheender state en Dyckhuistera state. Scheender state wurdt fóar 1700 ôfbrutsen. De namme Scheender state giet letter oer nei Dyckhuistera state, dy't dan dus Scheender state neamd wurdt.

Yn it boek "Binnendiken en Slieperdiken yn Fryslân" fan Rienks en Walther wurdt Scheender State neamd. Yn in akte út 1558 wurdt Dyckhuistera State (zate) beskreaun.

Skets út it boek "Binnendiken en Slieperdiken" fan Rienks en Walther



Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

De âlde Middelseedyk rûn fan Tirns ôf rjochttroch lâns Folsgeare rjochting Easterbuorren. Yn in stoarmfloed ein 11e iuw is der in dyktrochbraak. De Grienedyk en de Brededyk wurde om it gat hinne oanlein.

Op de resten fan 'e dyk wurde letter de twa earder neamde pleatsen boud. De noardlike pleats hjit Scheender state nei de slinke dy't yn de Middelsee ûntstien is. De súdlike pleats hjit Dyckhuistera state, om't dizze boud is op de resten fan de Middelseedyk.

Op de âlde Middelseedyk binne fan 1977 ôf de wenningen Ekersein 13, 15, 17, 19 en 21 boud.

Scheender State


Yn 1640 is de hear Nauta eigner fan Scheender State. Gerlse Douwes is brûker. Yn 1698 binne de erven jonkhear Tjalling van Sixma en Bavius Nauta elts foar de helte eigner. Claes en Dirck Jacobs binne de brûkers. Koart foar 1698 is Scheender State nei alle gedachten ôfbrutsen.

Floeren nûmer 35 wurdt yn 1700 sa beskreaun:

Claes Willems c.s eigenaar van negen p/m lands genaamd het Dou' land lopende met de oostkant aan Nauta afgebroken huisstede wordende bij Jentie Heeres gebruikt bezwaard met vier floeren. Jhr Tialling van Sixma ende Juffr Nauta eigenaars van een Zathe lands groot twee en dertig p/m wordende bij Jan Teedes gebruikt hebbende de grietman Tjaards van Aijlva erven ten zuiden Frans Staak ten westen de Groenedijk ten noorden en de Rijdweg naar Sneek ten oosten bezwaard met vijftien floeren (Rijdweg naar Sneek = Brededyk)

It perseel dêr't de hússtee op stie is FC 10

kaartsje kadaster 1832



Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

Dyckhuistera state

Widdofrou Teed Gerloffs is yn 1511 meijer (hier- of pachtboer) op Dyckhuistera state. Goffe Piers van Sjaerdema is de eigner, hy wennet yn Toppenhuzen. Goffe Piers is troch fererving eigner wurden fan de Sjaarda huzen dy't yn Abbegea, Folsgeare en Toppenhuzen stien hawwe. Dizze huzen of stinsen binne fóar 1500 ferwoastige yn de striid tusken de Skieringers en de Fetkeapers.

Yn it benefisjaal boek fan 1543 stiet dat de tsjerke fan Folsgeare lân noardlik fan it Middelpaad besit. It lân dêrneist wurdt as Goffe Piers syn lân oantsjitten. Goffe Piers syn soan Hobbe Zyarda (Sjaarda), troud mei Fokel van Roorda, erft Dyckhuistera state yn Folsgeare fan syn heit. De grêfsarken fan Hobbe en Fokel lizze ûnder de flier fan de tsjerke yn Folsgeare. Dêrtroch witte wy dat Hobbe op 27 novimber 1557 en Fokel op 8 july 1558 ferstoarn is.

Yn in akte út 1558/1559 ferantwurdzje Ryoert en Hessel van Roorda (soannen fan Hobbe en Fokel) harren oer it erfskip fan harren heit oan harren suster Teth Zyarda. Ryoert en Hessel neame harren dus Roorda en Teth hâldt de namme Zyarda oan. Joucke Hiddes is op dat momint meijer fan de Dyckhuistera state.

Abbe Jouckes, soan fan Joucke Hiddes, folget syn heit op as boer op dizze buorkerij. Hy wurdt net graach sjoen yn Folsgara troch de withoefolle prosessen dy't hy tsjin eltsenien fiert. Abbe Jouckes is troud mei Gaets Cornelis.

Harren dochter Gaet trout mei Ulbe Ulbes. Om 1628 hinne wenje se op Dyckhuistera state. Eigner is dan Haring Sytsma. Yn 1640 wurdt widdofrou Haring Sytsma as eigneresse neamd mei as meijer Pyter Claesen. De famylje Claesen sil op Dyckhuistera state buorkje oant nei 1700.

Op Dyckhuistera State wikselje eigners en brûkers elkoar dêrnei ôf. Pieter Botes Nijdam hat op 12 maaie 1817 krekt de hier foar fiif jier ferlingd, as hy yn augustus 1817 nei in koarte sykte ferstjert op Dyckhuistera state.

De twadde frou fan Pieter Botes, Lysbeth Wibbes Jonkman, giet mei twa minderjierrige bern út Pieter Botes syn earste houlik mei Pietje Jelles, troch mei it bedriuw oant 29 april 1822. Dan wurdt der boelguod holden.

De namme Dyckhuistera state ferdwynt en de buorkerij wurdt no nei de ôfbrutsen Scheender state neamd.

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

Sipke Gabes Kooistra trout yn 1817 mei Rinske Symens Algera. Hy is dan boer yn Loënga op de buorkerij fan syn heit, dy't yn desimber 1815 ferstoarn is. Syn broer Wytze is noch te jong om it bedriuw oer te nimmen. Yn 1822 is Wytze âld genôch en nimt it bedriuw, tegearre mei syn mem, oer fan Sipke.

Op 12 maaie 1822 wurde Sipke Gabes Kooistra en Rinske Symens Algera meijer op de buorkerij Scheender state, dêr't Martinus Gerbrandus Pettinga út Harns dan eigner fan is. Nei it ferstjerren fan Rinske Symens trout Sipke Gabes yn 1831 op'e nij mei Yke Ruurds Abma.

Der leit in brede grêft om Scheender state hinne. Op it terrein stie nei alle betinken earder in âlde Fryske 'langhûs' buorkerij. Troch skaalfergrutting fan it bedriuw is de skuorre hieltyd grutter wurden. Der wurdt nei in oplossing socht troch it wendiel in oar plak te jaan. It type kop-hals-romp past net binnen de grêft, dat der wurdt in stjelp boud mei in wenning en in ekstra wendiel der dwers op. Sa ûntstie in type dat "winkelheakbuorkerij" neamd wurdt.

De buorkerij is âld. Sipke Gabes freget nei syn houlik mei Yke Abma oan eigner Martinus Gerbrandus Pettinga oft hy it gebou opknappe wol. Nei in grutte ferbouwing yn 1832 stiet der wer in moaie pleats, noch altyd mei in brede grêft der om hinne.

De homeie nei it hiem bestiet út barten mei haden. Oan de eastkant leit bûten de grêft de rûchskerne. Der leit in houten brechje oer de grêft foar it útkroadzjen fan de stront. Oan de súdkant leit noch in brechje op peallen tusken de jister en de mole. De pleats hat in dwershûs mei in grutte kelder en twa romme wenkeamers. Ien hat in skoarstien mei in steand izer en in lizzende plaat. Efter it foarhûs yn de stjelp is de tsjernherne. Sipke Gabes lit sels hjir in tsiistsjettel tsjinoan sette mei in mitsele kachel. Yn it bûthûs, dêr't romte is foar 38 kij en twa hynders, is oan de ein romte foar in simmerwenning. De losse flier fan dizze wenning wurdt winterdeis opslein op'e souder. Oan de westkant fan de pleats is it stalt mei dêrneist in ôfdak en molkkoelderij yn de grêft. It renovearre fjoerhok stiet ek oan de westkant, tichtby it stalt.

Bûten de grêft, op in stikje greidelân oan de eastkant fan de pleats neamd de Pôlle, is in nije skuorre boud, it 'Lytshûs'. Hjir is plak foar 14 kij en in hynder. Om it bargehok hinne hat Sipke sels in nij stek sette litten. Der komme nije seilen op de spinnekopmole, dy't súdlik fan de jister stiet.

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

As eigner Martinus Pettinga yn 1847 fertsjert, erve syn bern de buorkerij mei 38 bunder lân. Yn 1858 beslute hja om de buorkerij yn de ferkeap te dwaan. Sipke Gabes hat yn 1850 de buorkerij op Suderburen kocht foar syn dochter Rinske. Hy keapet no ek Scheender State.

Om 1864 hinne lit Sipke Gabes in lyts pleatske bouwe by it doarp Folsgeare. (Easthimmerwei 1). Hy giet dêr sels ek hinne te wenjen.

Simon Sipkes Kooistra komt dan tegearre mei Sytske Postma en Trijntje van Wijngaarden, Sytske har dochter út har eardere houlik, op Scheender State. It pear is net tefreden oer it wendiel. Simon en Sytske litte yn 1867 de boel slope. Hja litte der in nije ûnderkeldere dwerswenning delsette.



Risseltaat nei de
ferbouwing fan
1867.

foto argyf Kooistra

Nei it ferstjerren fan Sipke Gabes Kooistra geane Simon Sipkes en Sytske Postma nei de buorkerij fan Simon syn heit te wenjen (Easthimmerwei 1).

De soan fan Simon en Sytske, Sipke Simons, is wilens troud mei Trijntje van Wijngaarden. Hja wenje nei harren houlik yn Hidaard.

Sipke en Trijntje komme no nei Scheender state om it roer oer te nimmen.

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

foto út 'Fries landbouwblad'



De Kooistra's pleats ûnder Folsgeare

Op de skuorre stiet it jiertal 1904. Nei alle gedachten hat Sipke Simons dat jier in grutte ferbouwing oan de skuorre dien.



foto Wyltske Heida

Yn 1907 lit Sipke Simons in arbeidershûs by de pleats bouwe.

Sipke Simons en Trijntje van Wijngaarden beslute it yn 1911 rêstiger oan te dwaan. Hja litte in nije pleats op It Werp oan de Brededyk (Skeender 2) bouwe. Sipke en Trijntje meitsje no plak foar harren soan Sije Sipkes Kooistra dy't mei Antje Gerbrandy troud is.

Sije en Antje komme op Scheender state.

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

Nei Sije Sipkes komme Sipke Simons Kooistra en Tjiskje Twijnstra op Scheender State. Hja binne ûntefreden mei it wenhûs. Boppedat wurdt de molkkelder net mear brûkt. Sipke en Tjiskje freegje oannimmer Jelle Wiersma út Folsgeare om in nijbouplan te meitsjen. It foarhûs yn de stjelp kin fuort en moat garaazje/wurkpleats en opslachromte wurde. Jelle Wiersma giet oan de slach. Der komt in hiel nij en modern dwershûs oan de pleats.

Scheender State nei de
nijbou yn 1962.

foto argyf Kooistra



It arbeidershûs 'mei de fuotten' yn it
wetter yn novimber 1966. Twa jier letter
wurdt it sloopt.

foto argyf Kooistra

Scheender State en Dyckhuistera State ha altiten ferbûn west mei Folsgeare troch in rinpaad fan it doarp ôf by de pleatsen lâns nei de Ringdyk. De oanlis fan Rykswei 43 soarget foar in skieding tusken de pleatsen en it doarp. Dit wurdt definityf by de oanlis fan de A7.

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

De Kooistra's fan Scheender State hawwe harren spoaren efter litten yn it doarp. Hja hawwe ferskate bestoerlike funksjes op harren nommen en hja ha binnen hûndert jier trije pleatsen by it doarp bouwe litten.

Simon Sipkes Kooistra en syn frou Inge binne no boer en boerinne op Scheender state. It bedriuw is útwreide mei in lisboksstâl njonken de pleats. Fan de grêft, dy't ienris om de hiele pleats hinne rûn, is noch mar in lyts stikje oer bleaun. De mole en it arbeidershûs binne ferdwûn. It lân is egalisearre foar in moderne bedriuwsfiering.

Wat oerbleaun is, binne de kontoeren yn it lân fan de eardere Grienedyk en de âlde Middelseedyk.

By de ynfiering fan de postkoades yn 1978 wurdt fan hegerhân besletten dat de Scheender state fuortoan ûnder Tsjalhuzum falt. Der komt dan in ein oan in iuwenlange bân mei it doarp Folsgeare.

Op 12 maaie 2022 is yn Tsjalhuzum (en dus net yn Folsgeare) feest fierd fanwegens twahûndert jier Kooistra's op Scheender State.



anno 2023

foto Wytske
Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: argyf Kooistra, Fries Landbouwblad, Wytske Heida

Kaartsjes: Schotanus, Kadaster, boek "Binnendiken en Slieperdiken" van Rienks en Walther

Dorpscanon van Folsgeare

Dyckhuistera State en Scheender State

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.